

# De lêste fan Van der Leest

FD 29-8-'9

## Roman

troch Jaap Krol

**S**kriuwer en dichter Reinder Rienk van der Leest is dermei ophâlden. 'Noardlike Nachten' is syn lêste roman yn in al ôfsletten oeuvre, seit de flaptekst alteast. Miskien is dit dan wol it lêste besprek yn in al ôfsletten rige besprekken. *Noardlike Nachten* is nammentlik al eefkes út (2008). It duorre eefkes, seit de auteur fan dit besprek op persoanlike titel.

As prozaïst is Van der Leest in eigensinnige, eins a-typyske skriuwer: de konkrete realiteit as primêre ynspiraasjeboarne liket yn syn wurk net te bestean. Syn personaazjes libje yn in taaluniversum, tusken dekorstikken en neist frjemde figuren. Dit freget om in hiele spesifike wize fan lêzen. In absurdistysk of ûnmooglik ferhaal kin ommers ferrifeljend ienfâldich ferteld wurde. In luchtige of kolderike toan en eigensinnige stavering kamûflearet dan ek faak in trochtochte opbou, dy't kontinue in berop docht op de fantasij fan de lêzer - of it brek dêroan.

*Noardlike Nachten* is in ferhaal oer it speurdersduo Dynte Planteit en Nier Hinnebruijer. Kenners fan Van der Leest syn wurk witte dus wêr't wy it oer hawwe. Konform de eigensinnige ferteltechnyk fan de skriuwer is dit duo nerges oan bûn en dûkt it dus op op alle mooglike plakken, yn alle mooglike tiden. Yn 1780 giet Dynte nei it kastiel fan Greef Cinemato Neoromanski 'op 't grime hege midden fan

Frieslân', dy't se tsjin in aardige fergoeding hoflik beselskipje sil. Freon Nier betrouit it net en giet stikum mei yn it bagaazjedepot fan 'e koetse. It kastiel wurdt befolke troch allegear nuvere skepsels, dy't moaie of nuvere nammen hawwe as Miniامي (de lakei), Sjimmettsje (de kokkine), Tsym (de feint), Felipomus (de reus) UhDhBhHh (de fuorman) en frou Loena ('Ik bin gjin klaaister, gjin kapster! Ik bin tailleur!').

## De grap is de brutale pendant fan de lust, de taal hearsker oer it ferhaal

Nier en Dynte binne nammentlik yn in horrorkastiel bedarre, dêr't wittenskiplik ûndersiker en fampyr Sines ter Minal it feitliks foar it sizzen hat en Dynte graach slachtofferje wol. Elke dei hat Dynte mei Greef Cinemato Neoromanski in nachtmiel mei de wêzenleaze deaden fan de fampyr, as foarspul fan har eigen lot. Mei help fan de identike twaling en minnaressen Ydillidy (Ydil en Lidy) moat Nier in spektakulêre aksje ûndernimme om syn freondinne frij te krijen. Sa't it yn goeie horror heart, is de fi-

nale lang, spannend en tige ûnfoarsisber.

Van der Leest hat in hekel oan roppige en sweverige gedichten, psychologyske romans, abstrakte skilderijen, oargelmuzyk, kabaret, Nederlânske films en kompûterspultsjes - seit alteast dyselde flaptekst. Wa't it ferhaal oer Nier en Dynte ta him nimt, begrypt dat wol: keunst kin ek in frijbrief wêze om alle remmen mar los te litten. Refleksje, eigensinnige humor en boartlikheid kinne dan pynlik ôfwêzich wêze.

*Noardlike Nachten* jit krekt dy eleminten yn in literêre foarm. De grap is de brutale pendant fan de lust, de taal is de absolúte hearsker oer it ferhaal. Yn dat ljocht is it ferhaal fan *Noardlike Nachten* foaral in ferhaaltsje, in poadium om it der ris fan te nimmen. Sa hat de tekst in hiel eigen struktuer: twa rigels mei tolve wurdliiden, folge troch twa mei alve wurdliiden. Dêr tuskentroch rymt it ien en oar. It smyt in swierend boek op, mei in moaie wurdkar en prachtige sinskonstruksjes. As yllustraasje hjir in priuwke, in dialoach tusken tailleuse Frou Loena en Dynte Planteit, as earstneamde Dynte oanklaaid foar it nachtmiel:

*Sûnder sprek set se ta op in iepen rût,  
dat se tichtskoot en mei in knip slút. Se keart  
har ta Dynte en seit: 'Strûp de brot no mar út.'  
'Jo kinne wol wat mear earbied foar myn klean ha.'  
'Dat liket nearne nei,' skapert Frou Loena,  
'sok goedkeap guod, net iens neffens de moade.'  
'It sit noflik, dat is my in soad mear wurdich.'  
'Jo moatte al oan de greef syn winsken foldwaan,'  
kraait bitsich it mins, 'gjin útwynsels noadich.'  
Dynte lûkt in sucht, begjint út te klaaien.  
Wylst hellel de felke in riuwlyfke foar 't ljocht.  
'Skande! Jo drage net iens in korset!  
'Hoecht net.' (side 18)*

De lêste roman yn in al ôfsletten oeuvre is in weardich ôfskie wurden. Spietich dat der net mear folgje.

**i** R.R. van der Leest, *Noardlike Nachten*, Utjouwerij Venus 2008, 12,90 euro

## Dichter en prozaskriuwer

Reinder Rienk van der Leest (1933) folge de kweekskoalle yn Ljouwert en letter de Academie voor Kunst en Industrie yn Enschede. Hy makke namme as dichter en prozaskriuwer. Syn betide poëzij bestiet út saneamde 'sjochfersen', dêr't wurd en typografy yn kombinearre wurde. Syn lettere wurk is mear beskôgjend. Yn 1981 krige er foar de dichtbondel *Kunst en fleanwurk*

de Gysbert Japicxpriis. De bekendste titels út de rige mei Dynte Planteit en Nier Hinnebruijer binne *It moaiste famke fan Antarctica* (1974, op 'e nij útjûn yn 2003) en *Hertenfrou & Skoppenboer* (1983). Yn 1968 en 1969 krige er de Rely Jorritsma-priis, beide foar ferhalen. Foar it jongereinboek *Cap Súd* krige er yn 1983 de Simke Kloosterman-priis.

